Jaargang 9, 2005 nr. **3**

Klaaikluten

Nijsbrief fan de Stifting ArgHis

COLOFON

Klaaikluten verschijnt enkele malen per jaar
en wordt uitgegeven door de Stifting
ARGEOLOGYSK-HISTOARYSKE RUNTE
Littenseradiel

Stifting ArgHis
Correspondentieadres:
J. Scheffer De Terp 11, 8831 ZG Winsum (Fr.)

Bestuur:

S.Fopma	voorzitter
J. Scheffer	secretaris
J. Kersbergen	penningmeester
Ph. H. Breuker	werkgroep Historie
Th. Kuipers	werkgroep Historie
H. Meijering	bestuurslid

Redactie
Klaaikluten: Ph. H. Breuker
Th. Kuipers

Vormgeving
en opmaak: F.J. Sieperda,
De Finne 20,
9022 AZ Mantgum
fjs_46@hotmail.com

Correspondentie-
adres: Philippus Breuker, Singel 1,
8635 MK Boazum
Th. Kuipers, De Ponge 4,
9022 BA Mantgum
e-mail: theokuipers@wanadoo.nl

Opzegging
lidmaatschap: J. Scheffer
De Terp 11, 8831 ZG Winsum (Fr.)

KB-Registratie
Titel: Klaaikluten
ISSN: 1572 - 1191

Bij de voorpagina
Winters tafereel van een niet meer bestaande situatie. Mogelijk staat op deze plek over één of twee jaar een moderne interpretatie van de adellijke state Hoxwier.

Tien jaar ArgHis

Op zaterdag 29 april 2006 willen wij met een aantal boeiende publieksactiviteiten ons tien jarig bestaan extra glans geven. Over enkele activiteiten bestaat nog geen zekerheid, maar zodra ze definitief zijn uitgewerkt, zullen wij u uitgebreid informeren.

De activiteiten worden gecentraliseerd in multifunctioneel centrum “De Wjukken” in Mantgum. In dit gebouw willen wij onder meer een ARGeologische en HIStorische markt organiseren.
Wij zullen daarvoor zelf instellingen, organisaties, bedrijven, vereni-gingen en particulieren benaderen met de vraag of zij een stand willen bemannen. Hierbij valt te denken aan monumentenzorg, genealogen, verzamelaars van ansichtkaarten of dorpsfoto’s, dorpsonderzoekers, beheerders van dorpsarchieven, gemeente-archief, onderzoekers met metaaldetectors, beheerders van historisch erfgoed zoals de Stichting Alde Fryske Tsjerken, Fries Film archief etc. U kunt zich natuurlijk ook zelf bij ons aanmelden voor deelname aan deze markt. Voorwaarde is wel dat de standwerkers in hun presentatie een inhoudelijke relatie tonen met archeologie en historie van Littenseradiel. De stands (3 meter) worden gratis aangeboden.

Aanmelden voor een stand
Liefst zo spoedig mogelijk bij:
Theo Kuipers, De Ponge 4,
9022 BA Mantgum
Tel. 058-2501828 E-mail:
theokuipers@wanadoo.nl

Henri Meijering, Tsjerkebuorren 28
8843 KE Spannum
Tel. 0517- 341425 E-mail:
hmeijering@hetnet.nl

Ruim voor 29 april 2006 zullen wij u uitgebreid informeren over onze activiteiten. De datum staat vast, zodat u deze kunt noteren in uw agenda.
Wij rekenen op uw belangstelling.

Het bestuur

Fan it Stroek nei it Noard

Oer de ûntjouwing fan de eastkant fan terp Wommels yn'e 17e ieu

Jelle Miedema

Is bekend dat Hottinga-erven yn 1657 grûnrjochten ha súdeastlik op terp Wommels, níj is dat in Hottinga om 1620 hinne de híele eastkant fan de terp, om de tsjerke hinne, yn syn besit hat. Dat ropt – mei ek yn de 16e ieu in Hottinga as eigener fan lân súdeastlik op terp Wommels – de fraach op oft Hottinga-foarâlden dêr, eastlik om de tsjerke hinne, altiten al besit hiene. Op dy fraach jout dizze bydrage noch gjin dúdlik antwurd, mar wol al krije we in better byld fan de eigeners, bewenners en brûkers fan'e eastkant fan terp Wommels yn de 17e ieu.

De eastkant fan terp Wommels, noardlik fan de tsjerke (foto JM 2005)

Oant no ta is ús kennis oer de skiednis fan de eastkant fan terp Wommels fan fóar 1700 beheind ta it Stroek en it freulekeatsfjild (Miedema 2002/3:9-13, 2004/1:5-6). Yn it koart:

1543: Eelck Hottinga, d.i. Eelck Gales Heslinga widdo Jr. Jarich Heeres Hottinga, is eigener fan trije pûnsmiet terplân (no it freulekeatslân) noardlik fan Stroek.

1639: Eelcke Jelles, letter eigener fan Stroek, tr. Wommels 6.10.1639 Antie Montses (folget).

1654: Jr. Oene van Grovestins en syn frou Idtscke van Hottinga wurde de nije eigeners van Hottinga State cum annexis, it lêste ynklusyf grûnpacht 'tot hoornleger Struijck'.

1672: Stroek (dan net sa neamd) wurdt troch Eelcke Jelles en syn twadde frou Geertie Martens kocht fan û.o. Jelle en Montse Eelckes út syn earste houlik mei Antje Montses.

1685: it hûs op it súd fan de Keatsebaan hat as eastlike neistlizzer de 'sloot fan de Heere Grovestins *landt*',

1695(ca): grytman Jr. Oene van Grovestins ferkeapet trije pûnsmiet terplân súdeastlik fan de tsjerke.

1702: Stroek wurdt as 'de Stroek' troch Montse Eelkes, smid te Wytmarsum, ferkocht oan Jan Taedes Schuijringa, skoalmaster te Wommels.

Yn it oersjoch sit in grut gat tusken 1543 en 1639 en ik gean dêrom earst fierder mei gegevens dy't ik foar de jierren 1617 en 1619 fûn ha.

1617-1619

Yn 1617 keapet dr. Petrus Andreae Stellingwerff, sekretaris fan Hinnaarderadiel, mei syn frou Thijedscke Feykes, wenjend te Wommels:

a. **'twee seste parten van een huijs en stede met toebehoren staende binnen de zelve dorpe in de kerckbuijren, hebbende Hottinga negen pondematen ten noorden ende de hoffcamp vicarielanden ten zuijden naestgelandet[,] belast met veertien stuijvers jaarlicxe grondpacht, gecoft van Douue Jans [..] en [Griet?] Freercks dochter, naegelatene weduwe van w: Jarich Jans zn voor haer zelve [ende] van wegens haer kinderen bij d' zelve Jarich getogen[,] ijder sestien-de deel voor 33 goudgulden negen stuivers twee penningen'** (prokl. 3 septimber 1617, ynv. 45, fol. 25).

b. **'de helft, met twee derde delen van de wederhelft van een huijs en stede, staande ende gelegen binnen Wommels in de kerckebuijren [..] hebbende Hottingha negen pondematen ten noorden en die hoffcamp vicarielanden ten zuijden naestgelandet, belast met veertien stuivers jaarlicxche grondpacht, gecoft van [...] S[i]etze dochter naegelatene weduwe van w: [...] Jans ende Aaft Jans dochter echte huijsfrou van mr. Tjibbe Rijuerdts zoon Albada [...] gecocht d' helft voor hondert ggn, en ijder derde deel van de wederhelft voor 33 ggn, negen stuivers twee penningen...'** (prokl. 15 oktober 1617, ynv. 45, fol. 26).

Mei as neistlizzers súdlik de 'hoffcamp' (no Hofkamp) en noardlik Hottingalân, kin it boppeneamde 'huijs en stede' net oars wêze as it letter saneamde Struijck of Stroek. En sa wurde we út dizze twa akten it folgjende gewaar:

- Struijck/Stroek hat yn 1617 (dan net sa neamd) net-Hottinga partijen as eigener,
- in Hottinga is yn 1617 eigener fan njoggen pûnsmiet lân noardlik fan Struijck/Stroek.

Op dy njoggen pûnsmiet kom ik straks wêrom – earst noch wat oer it Stroek. Lang bleau sekretaris Stellingwerff net eigener fan Struijck/Stroek, want yn 1619 ferkeapet hy it al wêr (in sekretaris wie yn dy tiden ek faak notaris en makelaar). It waard foar 232 goud gûne ferkocht oan Sijmon Takes mei syn frou Sijds Harmens en Montze Johannes mei syn frou Dieuwke Takes (prokl. ynv. 45, fol. 38). It liket oannimlik dat Montze Johannes de heit west is fan boppeneamde Antie Montzes.

Yn 1617 en 1619 moat foar 'dat gehele stede' jierliks fjirtsjin stoer grûnpacht betelle wurde, mar der stiet net by oan wa

(1). Lykwols, omdat de Hottinga's yn 1654 in grûnpacht 'tot hoornleger Struijck' ha, kin dat yn 1617 en 1619 ek hiel goed sa west ha. Ha we hjir te meitsjen mei in stik terpgrûn dat foarâlden fan de Hottinga's ea beskikber stelden foar de bou fan in buorkerij, bygelyks de fikarybuorkerij? Ik hoopje dêrop noch ris werom komme te kinnen as mear bekend wurdt út de 16e ieu.
Yn 1654 én 1543 is sprake fan trije pûnsmiet Hottingalân noardlik fan Stroek, wylst dêr yn 1617 útdruklik (yn twa akten) sprake is fan njoggen pûnsmiet Hot-

Rjochts de eastkant fan terp Wommels om 1925 hinne; hielendol rjochts it stek nei earder it Sminia-bosk, no 't Bosk (foto út Bokma en Kuipers 1985:11).

tin-galân. It is dus mooglik dat der tusken 1543 en 1617 seis pûnsmiet bykocht is en ás dat sa is, dan slút ik net út dat dat prebendelân west hat. Yn 1543 falle nammentlik ûnder de prebendelan-nen fan Wommels (hokker lannen meast noardlik en noardeastlik fan de terp leine):

> **'drye [drie] pondematen terplanden, myt drie pondemaeten maeden [mieden], om t voorz. Terp leggende'** (Beneficiaalboek 1543:389; myn kursyf).

Ek op dizze saak hoopje ik letter noch ris wêrom te kommen. Ik gean no fierder mei de Hottinga-eigener fan 1617 en mei it noardeastlike part fan terp Wommels yn de 17e ieu.

1622

Regnerus Johannes (Bruijnsma), sekretaris van Hinnaarderadiel en syn earste frou Riempcke Gabinijs (Aninga) dogge yn 1622 in bod op de keap fan:

> **'seckere stuck terp landts off ledige plaetse leggende binnen den dorpe Wommels [...] op de buiren ten oostsyde van het gemene padt ende ten suijden van Anne Jeltis hoff, op 't halve sloodt affscheijden [...], soo wel aen het [voors.] gemene padt langs also ten oosten aen de scheijdsloot, beginnende van het [...] staket [...], ende streckende suijdwaarts naer het kerck hoff in een quadraat soo [...] sestig holt voeten [...], omme van de kopers behuijst en besteckt te worden nae hen belieuuen [believen] , [...] gecocht van Douue [Douwe] van Hottinga ende juff. Habel van Offenhuijsen, echteluijden wonende te Wommels, voor de somma van tweehondert ende vyfftich carg.'** (prokl. Hinnaarderadiel, 1622 ynv. 45, fol. 63).

Dúdlik is dat sekretaris Bruijnsma (yn 1621 opfolger fan Stellingwerff; Fluitman 2000:25) yn 1622 in stik lân keapet dat noardlik fan it tsjerkhôf lei en dúdlik is ek dat Jr. Douwe van Hottinga mei syn frou Habel van Offenhuijsen de ferkeapers binne fan dat lân. En dêr leit de link mei de erven fan Rieme van Hottinga as ferkeapers fan Hottinga State c.a. yn 1654: Rieme, troud mei Jr. Borchard van Assuede fan Grins (folget), wie ienich dochter fan Douwe van Hottinga en Habel van Offenhuijsen.

1637

Suffridus Joannis Bruijnsma, jongere broer en opfolger fan Regnerus as sekretaris fan Hinnaarderadiel, en syn frou Impckjen Takes Epema, fan Lopens ûnder Kûbaard, b.b. en c. op:

> **'sekere huijsinge stede hovinge ende plantagie cum annexis, staende ende gelegen binnen de dorpe vs. sam[p]t al't gene [etc.] hebbende Douwe Rijuerdts als bruijcker ten noorden ende d' heer Assuede ten oosten ende suijden naestgelegen, vrij van grondpacht, gecocht van Regneris Johannis Bruijnsma gewesene secretaris der vs. grietenij hunne broeder, voor de somma van drie duijsent caroli guldens 't stuck van 20 st.'** (proklamaasjeboek Hinn. ynv. 46, fol. 280 l.)

Yn 1637 nimt Suffridus it hûs oer fan syn broer Regnerus en de eigener fan it lân eastlik en súdlik fan dat hûs is dan Jr. Van Assuede. Grif giet it hjir om it hûs dat Suffridus' broer dêr yn 1617 sette liet (nim ik oan) en om neistlizzend lân dat Van Assuede's skoanheit dêr yn 1617 ek al hie. Fierder moatte we witte dat Douwe Rijuerdts hierder wie fan prebendelân (Van der Meer 2004:212) en dat de prebendepleats direkt noardlik fan terp Wommels lei **(2)**.

De eastkant fan terp Wommels mei Sminia State, koart foar de ôfbraak fan de state yn 1872 (tekening fan A. Martin, yn: Bokma en Kuipers 1985:8).

1639
Jr. Borchard van Assuede keapet, as heit fan en fâd oer syn bern by silliger Rieme van Hottinga, 20 pûnsmiet lân yn 'Blauwhuijster sate in den dorpe Wommels', d.i. de buorkerij by Hottinga State justjes westlik fan Wommels (no Van der Velde). Hij keapet dat lân dan foar 3080 goud gûne fan de bruorren Wiger en Jarich van Hottinga en harren suster Luts (prokl. Hinn. 1639, ynv. 46, fol. 299), (**3**).

1640-1663
Ut dizze perioade binne der gjin proklamaasjeboeken fan Hinnaarderadiel bewarre bleaun. Wat we wol witte is dat sekretaris Suffridus Bruynsma yn 1655 wei rakke en doe opfolge waard troch Sixtus Tzommeri (folget) en ek dat Hottinga State cum annexis yn 1654 yn oare hannen oergong (folget).

1654
Hottinga State mei alle lannen dêrby wurdt troch Jr. Caspar van Assuede út namme fan de erfgenamten fan s. Jr. Borchard van Assuede, widner fan Rieme van Hottinga, foar 20.000 karoli gûne ferkocht oan grietman Jr. Oene van Grovestins en syn frou Idtske van Hottinga (in tantesizzer fan Rieme), (dekretale ferkeapingen HvF). Ik tink op basis fan it ûndersteande dat ûnder dy transaksje doe ek foel de njoggen pûnsmiet lân eastlik op en by terp Wommels:

- yn 1677 is noardeastlik op terp Wommels sprake fan twa huzen mei as neistlizzer eastlik en súdlik 'Grytman [Oene] Grovestins landt' (folget),
- yn 1693 wurdt de bewenner fan ien fan dy huzen fersocht om *njoggen* pûnsmiet lân fan de âld-grytman [Oene] Grovestins 'in vrijdom te verlaten' (folget).

Ik gean no fierder mei de twa huzen noard-/noardeastlik op terp Wommels.

1677-1693
It noardlike hûs. Yn 1677 keapet Yge (Lammerts) Camp it noardlike hûs, dan omskreaun as in 'huisinge en hovinge cum annexis', foar 450 goud gûne fan: (…) Ekes, sterke mei har man Sjouwe Gerrits, Agge Watses, Hantje Baukes en mr. Jan Sipkes. It hûs hat dan as neistlizzers noardlik de 'prebende plaats', eastlik âld-grytman '[Oene] Grovestins landen', súdlik grytman Jr. Edzart Oenes van Grovestins en Lieuwe Hoijtes' hûs en westlik de 'gemeene straat' (d.i. de wei nei it Noard ta). Jierliks moat foar it hûs trije karoly gûne grûnpacht betelle wurde oan de tsjerke fan Wommels, wat der op wize kin dat it hûs op prebendegrûn stie (prokl. ynv. 47, fol. 281).

Yn 1693 is de eigener fan dit hûs Marten Jenties Blinxma, troud mei Wopcke Yges Camp (in omkesizzer fan Lammert Lammerts Camp, earder yn *Klaaikluten* neamd as keaper fan de helling súdwestlik fan it doetiidse Wommels).

It súdlike hûs is in oar ferhaal. It wie in grut hûs mei in soad grûn dêrby, omskrean as 'sekere doorgaande huisinge, schuure, hof, boomen, plantagie'. It waard yn 1677 foar de helte, mei as eigener fan de oare helte Lieuwe Hoytes fan Arum, troch Sixtus Tsummeri, âld sekretaris fan Hinnaarderadiel, foar 850 gg. ferkocht oan Jr. Edzardt van Grovestins en syn frou Orsula van Burmania (prokl. ynv. 47, fol. 278). Neistlizzers binne dan noardlik Ige Camp (sjoch boppe), eastlik 'de heer Oene van Grovestins landen' en súdlik en westlik 'de gebuurte'.

Yn 1680 keapje Jr. Edzart en syn frou Orsula as bewenners de oare helte fan it hûs, no mei in 'soomerhuis', foar 550 goud gûne fan Lieuwe Hoites, om it yn 1685 yn syn gehiel foar 2.231 karoly gûne te ferkeapjen oan Bote Freerks (yn 1684 mei as tanamme Ringhnalda), 'schrijver van een compagnie te voet' (prokl. ynv. 48, fol. 4 ev.). De eigener fan it noardlike hûs is yn 1685 noch Yge Camp. Jr. Edzart en syn Orsula setten harren mooglik doe al te wenjen op Hottinga State **(4)**.

Yn 1693 is de eigener fan it hûs de doetiidse sekretaris fan Hinnaarderadiel dr. Fredericus Botes Ringnalda (soan fan boppe neamde de Bote Freerks) en dy ferkeapet it yn dat jier oan syn frou Joanna Faber 'in haer eijgen saaken agerende' (prokl. ynv. 48, fol. 196). En it is dizze sekretaris Ringnalda dy't op Petri 1693 fersocht wurdt om njoggen pûnsmiet lân fan Oene van Grovestins 'in vrijdom' te ferlitten (Recesboek Hinnaarderadiel 1693, p. 280).

Ta beslút

Om it byld fan de eastkant fan 'terp Wommels' fan flak fóar de komst fan Sminia State (yn 1707) noch wat kompleter te meitsjen: yn 1707 keapet grytman Idzard van Sminia foar 1000 goudgûne it súdlike hûs, dan noch bewenne troch dr. Fredericus Ringnalda cum uxore, fan de hear Zacheus van Ghemmenich toe Kingma ('Raad Odinaris' fan it Hôf fan Fryslân) 'zoals eerder door w. Bote Freerks gekocht van Edzard van Grovestins cum uxore' (prokl. ynv. 49, fol. 91). En dyselde grytman Sminia keapet yn 1719 ek it noardlike hûs, mei dan (tydlik?) as bewenner ds. Horreus, 1719-1721 dûmny te Wommels, foar 700 gg. fan Wopcke Yges Camp, widdo fan Jentie Martens Blinxma (prokl. ynv. 49, fol. 208). It soe dus kinne dat ien fan dizze twa huzen noch op de tekening fan Sminia State fan om 1790 hinne te sjen is en ik tink sels oan it súdlike hûs. As sekretarishûs sil it in foarnaam hûs west ha en op de tekening fan Sminia State fan ca. 1790 sjogge we heaks op de state lofts in hûs dat dêr op in tekening fan flak foar de ôfbraak fan de state yn 1872 net mear te sjen is. Boppedat, dat hûs ûntbrekt ek op in tekening fan Smina State út 1764 (sjoch Elward en Karstkarel 1990:93). Konklúzje: it hûs mei trepgevel dat om 1790 hinne noch te sjen is lofts fan Sminia State, is it âlde sekretarishûs fan Wommels.

De eastkant fan terp Wommels om 1790 hinne, mei yn it midden Sminia State en lofts dêrfan it âlde sekretarishûs (nei in tekening yn Bokma en Kuipers 1985:7)

Noaten:

(1) Moat yn 1709 foar Stroek noch grûnpacht betelle wurde, yn 1733 is dat net mear it gefal. Dy pacht sil dus tusken 1709 en 1733 ôfkocht wêze en dat betsjut dat de grûnpacht dy't sekretaris Jacobus van der Kolk yn 1797 ôfkeapet, net op it hôf fan Stroek slaan kin (sjoch Klaaikluten 2003/1:11).

(2) Yn 1719 hat it noardlike hûs as neistlizzers noardlik de 'kerke plaats' en eastlik, súdlik en westlik grytman Idzard van Sminia (opfolger fan Jr. Idzard van Grovestins). Der is dan sprake fan in stek tusken 'deze en de kerkeplaats hovinge' en fan in muorre tusken 'de kerkeplaats en de kamer bewoond door Hessel Ysbrands'. It lêste kin betsjutte dat it noardlike hûs yntusken (tydlik?) troch meardere minsken bewenne waard en syn bêste tiid hân hie. Mei 'kerkeplaats' sil hjir wol de âlde prebendepleats bedoeld wêze.

(3) It Stamboek jout in Jarich, Luts en Wijger van Hottinga op as bern fan Here van Hottinga (x Anna Wijgers van Eelsma), in broer fan Douwe van Hottinga (x Habel van Offenhuijsen).

(4) Yn 1695 wennet grytman Jr. Edzart van Grovestins op Hottinga State (Van der Meer 2004:210), mar kenlik hie hy by syn âlde, tydlike wente yn it doarp (it âlde sekretarishûs) noch in stâl mei grûn oanhâlden: yn 1694 ferkeapet hy oan Joanna Faber, frou fan sekretaris Ringnalda ('in haer eijgen saaken agerende') twa hynders, 'een ruin en merrie tegenwoordig op stal staande', op betingst dat beide 'op zijn stal zullen mogen blijven staan, en het hooi in zijn schuur zullen mogen consumeren, welk hooi ook in de koop is beklemt' (ynv. 64 dd. 31 augustus 1694). (Jr. Edzart syn âlden, âldgrytman Jr. Oene van Grovestins en Idtske van Hottinga, wennen de lêste jierren te Wommels op State Ghijns c.q. Jongema State, justjes súdeastlik fan it doarp yn de Súdhoeke.)

Ferwizingen:

Algemien: Proclamatie- en Recesboeken Nedergerecht Hennaarderadeel 1528-1811 (CBG, Den Haag); Decretale Verkopingen Hof van Friesland (Tresoar, Ljouwert).

Beneficiaalboeken
1850 *Beneficiaalboeken van Friesland.* (Opmakke 1542, fernijd 1543. Utjûn yn opdracht fan it Provinsjaal bestjoer fan Fryslân.) Leeuwarden: G.T.N. Suringar.

Bokma, Anne en Hendrik W. Kuipers
1985 *Wommels by âlds; In kuier troch de tiid.* Easterein: Printerij Van der Eeems.

Elward, Ronald en Peter Karstkarel
1990 *Stinsen en states; Adellijk wonen in Friesland.* Drachten/Leeuwarden: Friese Pers Boekerij.

Fluitman, Hessel
2000 'Van schrijver tot manager; Secretarissen van de grietenijen en gemeenten Baarderadeel, Hennaarderadeel en Littenseradeel. 1419, 1520-1983 en 1984-heden', Serie *Tusken Middelsee en Slachte*, Deel 12.

Meer, D.J. van der (red. J. Oostra)
2004 *Boerderijenboek Hennaarderadeel 1511-1698; Archivalische gegevens over de stemdragende boerderijen, hun eigenaars en gebruikers in de twaalf dorpen van de grietenij Hennaarderadeel.* Ljouwert: Fryske Akademy.

Miedema, Jelle
2002 'Oer in Huis Struik, in hoarnleger Stuick en it Stroek te Wommels', *Klaaikluten* 2002/3:8-13.
2003 'Struijck, Struik en Stroek (II)', *Klaaikluten* 2003/1:8-15.
2004 'In slach om it freule-keatslân hinne (1717-1933)', *Klaaikluten* 2004/1:3-9.

Alde lânskiplike eleminten yn de Greidhoeke

Philippus Breuker

Leien
Leien binne groeven ôfwetteringen út de tiid doe't der noch gjin molen wienen. Se soargen dat it wetter nei leger lân ôffloeie koe. Se lykje wat op greppels, mar se binne folle dipper en breder. Men fynt se yn heger lizzend lân, dat de terpen net meirekkene, ta it âldste kultuerlân rekkene wurde kin. Soms binne der stikken greide dêr't mear as ien fan dy leien yn groeven binne. Dy rinne dan ferskillende kanten op. De measten binne ferdwûn. Dat barde al yn de sechstjinde ieu en letter, doe't se útdjippe waarden ta sleatten, en fan wat der doe noch oer wie, is yn ús tiid troch sljochtsjen en djipûntwetterjen net folle mear oerbleaun.

Ynpannich lân
In ynpannich stik lân leit in hege kanteker om hinne dy't it lân frijhâldt fan oerrinnende sleatten. Dat lân sels leit frij leech en soe oars maklik ûnderstrûpe. It heechste part fan dy kanteker leit wat nei binnen ta en net fuort by de sleat, want dan soe dy gau fol wêze en dochs noch oer rinne.
Faak leit in ynpannich stik yn in krite mei mear fan dy stikken. Dy krite leit dan fier fan de pleatsen ôf en bestiet út los lân. Fanâlds, oant yn de sechstjinde ieu en inkeld ek noch wol langer, wienen dy kriten de himriken fan it doarp. In moai foarbyld is it fjild tusken Makkum, Swaanwert en de eardere Staten ûnder Boazum en Wiuwert. It lân sels leit dêr krekt ûnder NAP, de kantekers der krekt boppe. Ynpannige stikken hie men ek yn it eardere Nijlân fan de Middelsee.

Ferspringende sleatten
In ferspringendesleat sit in ein yn dat ferspringt. As in sleat groeven waard tusken lân fan twa eigeners yn en dat lân wie fan deselde kwaliteit, dan moast elk syn helte oan lân derfoar ôfstean. Woe de iene al in sleat en de oare net, dan moast hy dy't in sleat ha woe, dy alhiel op syn eigen grûn slatte. En sa koe it barre dat in lange trochrinnende sleat soms oer in ein ferspringe moast.

Trochrinnende greppels
Greppels (of fuorgen) rûnen earder oan de sleatskant ta, mar doe't de meanmasinen kamen, wie it te lestich om oan de en fan in eker hieltyd keare te moatten en waarden der kantekers makke en drainearbuizen fan de greppel nei de sleatskant ta lein. Inkeld sjocht men noch in stik mei greppels oan de sleat ta. Dat is dan yn lân dat net meand waard, lykas yn jisters of in inkelde finne by hûs. .

Hege hiemen
Pleatsen stienen fanâlds op hegere grûnen, earst meast ien, mar by it droechfallen fan mear lân, waard neist dy iene pleats in twadden of in tredden set. Sokke tropkes pleatsen groeiden út ta terpen. Los yn it fjild stean koenen se net bliuwe, want dêr waard de tanimmende oerlêst fan it wetter te grut foar. As der letter gjin tsjerke en oare huzen op sokke terpen boud waarden, bleaunen it oant hjoeddedei ta buorskippen. Mar doe't om 1100 hinne it lân net alle jierren mear oerspield waarden en diken it ekstreem hege wetter kearden, koenen der op heger lizzende grûnen yn it fjild ek pleatsen set wurde. Tenearsten waarden dêr lykwols noch hege hiemen foar opsmiten.
Sjocht men in pleats op in heech hiem, dan is dy dus út de tiid om 1200 hinne, rom nommen. Stiet in pleats gewoan yn de sljochte greide, dan is er jonger. Sokken binne der sa om de sechstjinde ieu hinne foar it earst kommen.

Stringen
In string in lang en smel stik lân dat tusken it lân fan oaren troch nei it fierderop lizzend lân fan in pleats rint. Sa'n pleats sil faak net hiel âld wêze. Hy is ofsplitst út in gruttere pleats, dy't it lân ticht by hûs hold. In simpeler oplossing foar it probleem wie it bekende rjocht fan reed oer in oar syn lân. Mar dan giet it meast mar om tagong nei ien of inkelde losse stikken. By stringen lei de kearn fan it lân dus net by de pleats.

Bochtsjende reden
In reed nei eardere losse lannen yn it fjild sitte soms fan dy frjemde bochten yn. Wêrom, sa tinkt men dan, rint er net rjocht troch? Faak komt dat omdat dy reed doe't er oanlein waard, om in stik lân hinne moast dat oars as dat losse lân (dat om de safolle jier fan brûker wikselje koe) fêst by in pleats hearde. Dy pleats lei dan tsjin dat

Fan de Wommelser Keatsebaan (1664)

Jelle Miedema

Is sûnt koart bekend dat de Wommelser Keatsebaan al yn 1666 neamd wurdt, no kinne we dêr 1664 fan meitsje. Foar dat jier fûn ik koartlyn in akte mei dêryn de 'caatse baen' neamd as neistlizzer – en dêrmei krije we ek wêr mear ynformaasje oer de neistlizzers fan dy keatsebaan.

We ha earder sjoen dat it earste hûs fanôf de ringmuorre oan de Wommelser Keatsebaan (d.i. it âlde fikaryhûs, no bakker Posthuma) yn 1666 ferkocht waard troch Hendrick Hayes Schiphorst. Dy ferkocht it doe mei 'sodanige lasten ende profijten als d' oude Luijtenant Stapert en sijn huijsvrouw bij hun leven behoort heeft' en dat lêste betsjut dat Stapert en frou earder de eigeners fan it hûs wiene. Dat eigendom ha ik letter wol betwifele, mar no stiet fêst dat Epe Hessels Stapert en Botje Ages Agema sawol eigeners as bewenners fan dit âlde fikaryhûs west ha. En ek is no dúdlik dat der yn 1664 al wol in opfeart lei tusken de eftertunen fan de huzen westlik op de Keatsebaan en eastlik op it Ald Hiem; better, tusken it âlde fikaryhôf en it Hiem, no Ald Hiem neamd.

Mear ynformaasje oer de doetiidse Keatsebaan mei neistlizzende huzen en ek oer de eigeners en bewenners fan dy huzen is te lêzen yn Klaaikluten 2004, nûmers 2 en 3. Hjirûnder folstean ik mei de haadtekst fan de akte út 1664 wêryn't de keatsebaan neamd wurdt.

> **'Mr Hendrick Hayes Schiphorst, wonende binnen Wommels begeert bod ende consent op de coop van een huys, hovinge bomen ende plantagie met alle 't gene daer aen eerd spycker ende nagel vast is staende binnen Wommels in de Kerckbuiren waer uit Luijtenant Ippe Hessels Stapert ende Bottie Agges Aggema echteluijden uit gestorven sijn, hebbende den gemene caatse baen te oosten, den opvaart tusschen Riemer Douwes hoff en 't vercofte hoff ten Westen, den pastorije huijs ende hoff te noorden, [Griet?] Rommerts weduwe daer anbeclemt te suijden, met sodanige [lasten?] ende gerechtigheden als den overledene echteluijden des selve als eygen toebehoort en [gepossideert?] hebben, bij hem in cope becomen van de erfgnamen der geseijde echteluijden voor den somma van ses hondert seven goud gulden'** (proklamaasje Hinn. ynv. 47, fol. 192 (193 l.), septimber 1664).

Ferwizingen:

Akten
1664 Nedergerecht Hennaarderadeel, Proclamatieakten inv. 47 (1660-1682, "zwak") CBG, Den Haag (microfiche).
Miedema, Jelle
2004a 'Fan de Wommelser Keatsebaan (1666)', Klaaikluten 2004/2:10-15.
2004b 'Wommels 1543-1666; It fikaryhûs en -hôf mei de Hofkamp en de Keatsebaan', Klaaikluten 2004/3:37-48.



Fragmint út de proklamaasjeakte Hinnaarderadiel 1664, ynv. 47, fol. 192

Skillaerd 1
Mantgum

Sytze Sytzes de Jong (1823 – 1905) en Hiltsje Hommes Kalma (1830 – 1899, as jong weesfamke troch Tsjerk Jehannes Swierstra en syn frou, nei de begraffenis, as harren pleechdochter meinommen, (ûnder it kleed fan de tilbury omt it sniestoarme) wennen op Hoxwier 3. Mar dêr moast in pakesizzer fan de eigener op de pleats, en doe ha Sytze en Hiltsje op Skillaerd, op in kâld stee, in pleats boud. Hiltsje hie dêr al 30 pûnsmiet lân, se ha in hoekje lân oan 'e dyk kocht dêr't de pleats op set is, en letter wie it al in pleats mei 90 pûnsmiet lân. Fan âlds leine de pleatsen op Skillaerd allegear om 'e toer hinne, oant yn ± 1870 it spoar der troch hinne gongen is. Dêrom kaam it lân oan 'e Mantgumer kant fan it spoar los fan de rest te lizzen. Sytze en Hiltje ha 5 bern krigen: Sytze, Sibbeltsje (stoarn doe't se 6 jier wie), Homme (1864 – 1922), Sibbele Sytses (1867 – 1950) en Tsjerk Jehannes (1869 – 1959). Dizze lêste hat as jonkje fan 6 jier de earste stien lein op de nije pleats fan syn âlden. Romkje de Jong in pakesizzer fan Sibbele Sytzes wennet no mei har man John Zwanenburg en twa soannen op it âlderlik stee.